



Provinsje Fryslân
Provinsjale Wettersteat
t.a.f. [redacted] [redacted]
Postbus 20120
8900HM LJOUWERT

Ljouwert, 13 maaie 2026
Ferstjoerd, 21 MEI 2026

Ús merkteken : 02486487
Domein/ Team : Assetmanagement
Opsteld troch : [redacted] / (058) 292 59 25 of [redacted]@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : Beslút slutingsferklearring Neisoarchlokaasje Baggerdepot Trijehûs

Achte [redacted],

Oanlieding

Provinsje Fryslân hat, yn syn rol as eigener, de sluting fan it stoartplak Baggerdepot Trijehûs (hjinnei: it stoartplak) taret. Oanlieding hjirfoar is de winsk fan provinsje Fryslân om in slutingsferklearring te krijen as bedoeld yn kêst 8.47, lid 3 fan de Wet milieubeheer (hjinnei: Wm). Deputearre Steaten fan 'e provinsje Fryslân is hjirfoar foechhawwend gesach.

Proseduere

Wy folgje de procedure fan ôfdieling 3.4 fan de Algemene wet bestuursrecht. It ûntwerpbeslút mei merkteken 02486483 hat fan 27 maart 2026 ôf seis wike op besjen lein. Yn de foarneamde perioade hat elkenien de gelegenheid hân om sjenswizen tsjin it ûntwerpbeslút yn te tsjinjen.

Der binne gjin sjenswizen ynkommen. Dat betsjut dat de definitive beskikking slutingsferklearring net feroaret neffens de ûntwerp beskikking slutingsferklearring.

Beslút

Mei it each op wat fêststeld is yn de Wet milieubeheer, de Omgevingswet, de Omgevingsregeling, it Besluit kwaliteit leefomgeving, de omjouwingsfergunning, de einynspeksje, it neisoarchplan en de yn taheakke 1 opnommen taljochting,



beslute wy:

1. Op grûn fan kêst 8.47 fan de Wet milieubeheer de Neisoarchlokaasje Baggerdepot Trijehûs mei yngong fan 1 maaie 2026 foar sletten te ferklearjen;
2. dat in eksimplaar fan dizze beskikking stjoerd wurde sil oan:
 - a. It Wetterskip
 - b. De minister fan Infrastruktuer en Waterstaat

Foar de taljochting op it beslút ferwize wy jo nei taheakke 1.

Iepenbiere Meidieling

Fan dit Untwerpbeslút sil, neffens kêst 3:12, twadde lid, fan de Algemene wet bestuursrecht meidieling dien wurde troch publikaasje yn it Provinciaal blad op www.officielebekendmakingen.nl.

Op besjen

Salang't de yn de meidieling fan dit beslút neamde termyn fan seis wike rint, sil it ûntwerpbeslút mei ûnderlizzende stikken op besjen lein wurde op it provinsjehûs fan de provinsje Fryslân.

Hawwe jimme noch fragen?

Hawwe jimme noch fragen? Nim yn dat gefal kontakt op mei [redacted] fan it team Asset Management fan Provinsjale Wettersteat fia tel. 06 [redacted] of e-mail [redacted]@fryslan.frl.

Deputearre Steaten fan Fryslân,



drs. A.A.M. Brok, foarsitter



drs. ing. J.J. Algra, sekretaris





Berop

Dyjinge waans belang streekrjocht by dit beslút belutsen is, kin tsjin dit beslút binnen seis (6) wike nei it ferstjoeren dêrfan in beropskrift yntsjinje by de Rechtbank Noord-Nederland, Afdeling Bestuursrecht, Postbus 150, 9700 AD yn Groningen.

It beropskrift moat ûndertekene wurde en der moat op syn minst yn stean:

- a. De namme en it adres fan de yntsjinner;
- b. De deitekening;
- c. In omskriuwing fan it beslút dêr't it berop tsjin rjochte is;
- d. De grûnen fan it berop

Jo kinne ek digitaal it berop- en fersykskrift yntsjinje by neamde rjochtbank fia <http://loket.rechtspraak.nl/bestuursrecht>. Dêrfoar moatte jo wol de beskikking hawwe oer in elektroanyske hantekening (DigiD). Sjoch op de neamde side foar de krekte betingsten.



TAHEAKKE I

Ynlieding

Dizze beskikking giet oer it earder baggerdepot Trijehûs. Dit depot wie it provinsjale stoartplak foar de ferwurking fan sanearringsbaggerspeesje út de Fryske farwegen. It depot leit op in eilân noardlik fan Grou tusken it natuergebiet De Alde Feanen en it Prinses Margrietkanaal. Op it eilân stie oan 'e westkant it restaurant Trije Hûs dat yn 2016 ôfbaarnd is.

Juridysk ramt & Hifkingsramt

Mei yngong fan 1 april 1998 is de Wet milieubeheer (Wm) oanfolle mei regels om te garandearjen dat sletten stoartplakken gjin of sa min mooglik neidielige miljeu-hygiënyske gefolgen feroarsaakje. Dizze regels jilde allinne foar stoartplakken dêr't op of nei 1 septimber 1996 ôffalstoffen stoart binne.

Neffens artikel 8.47, tredde lid, fan de Wm moatte wy in yn de provinsje Fryslân lizzend stoartplak sletten ferklearje as:

1. it stoarten fan ôffalstoffen beëinige is;
2. foar safier't dêrfoar in foarskrift foar de ynrjochting jildt, in boppe-ôfdichting oanbrocht is;
3. in einynspeksje troch it foechhawwende gesach útfierd is dêr't út bliken docht dat oan alle foarskriften, ferbûn oan de fergunning foar it stoartplak, foldien is en dat ek gjin oare maatregels neffens de Wet bodembescherming troffen wurde moatte troch dejinge dy't it stoartplak eksploitearret, yn gefal fan fersmoarging of oantaasting fan de boaiem ûnder it stoartplak.

Fan it momint ôf dat in beskikking mei de slettenferklearring ôfjûn wurdt, is de provinsje ferantwurdlik foar de (yn prinsipe) ivige neisoarch fan it sletten stoart.

Hjirûnder jouwe wy ús beoardieling fan de trije boppesteande easken. Ek geane we yn op it neisoarchdossier, neisoarchplan en neisoarchheffing omdat dizze saken it ôfjaan fan in slutingsferklearring yn de wei stean kinne soene.

Einde stoarten en boppekant ticht

It depot is tusken 2004 en 2006 oanlein. De eksploitaasje is yn desimber 2005 úteinset en yn 2011 beëinige. It depot is troch de Provinsje Fryslân eksploitearre. Yn 'e perioade augustus 2015 oant en mei juny 2016 is de konstruksje om it fan boppen ticht te meitsjen op it eardere baggerdepot oanbrocht.

Der is gebrûk makke fan in konstruksje om de boppekant ticht te meitsjen. It is net in floeistoftichte konstruksje, mar in ôfdekkingskonstruksje basearre op de saneamde 'behearsfariant' om de ôffier fan ynfiltrearjende delslach te optimalisearjen. Yn dizze behearsfariant binne de neikommende foarsjennings oanbrocht:

- Wetterdrainaazjematte mei drainaazjestelsel, wêrby't de drainaazjematte ek de funksje fan sinjalearringslaach hat. Der binne duorsume materialen tapast mei in ferwachte libbensdoer fan op syn minst 100 jier.
- Libbenslaach mei in tsjokte fan 1,0 m (skjinne grûn neffens it Besluit bodemkwaliteit).
- Foar de feilichheid oanfolle mei in geohydrologyske behearsmaatregel, besteande út in ringsleat mei mooglikheid om yn 'e takomst in peilferleging yn te stellen. De feitlike



needsaak om mei in aktive bemealling útein te setten wurdt dan op it stuit dat de monitoaringsresultaten dêr oanlieding ta jouwe, besletten.

Dizze behearsfariant is troch it foechhawwend gesach goedkard. (Omgevingsvergunning, FUMO, saaknr. 2014-FUMO-0003092, 25 april 2015.)

Einynspeksje

Op 9 jannewaris 2025 hat de einynspeksje fan it depot west. De resultaten dêrfan binne fêstlein yn 'Nazorg foormalig provinciaal baggerdepot Trijehûs, rapportaazje einynspeksje jannewaris 2025' opsteld troch de Antea Group, ferzje definityf refyzje 00, d.d. 5 febrewaris 2025. Yn dy rapportaazje is konstatearre dat de wurking fan it monitoaringssysteem, de drainaazjesystemen, de ringsleat mei dûkers en de deklaach foldogge oan de dêroan te stellen easken. Ek binne inkelde mankeminten konstatearre. Dy binne wilens troch provinsje Fryslân ferholpen.

Neisoarchdossier

It neisoarchdossier befettet de relevante dokuminten neffens de easken sa't dy yn de 'Handreiking sluiting stortplaatsen en baggerdepots' opnommen binne en yn de IPO wurkgroep Neisoarch fêststeld binne (fersy 29 augustus 2017). It is beskikber yn docbase ûnder nûmer 02478130.

Neisoarchplan

It 'Nazorgplan Voormalig baggerdepot Trijehûs te Grou', opsteld troch Antea Group, projektnûmer 0400454.100 definityf refyzje 02, d.d. 7 novimber 2025, jout ynsjoch yn de foarskiednis, omkriten en oanwêzige foarsjenning op en om it depot hinne. It jout ek in adekwate beskriuwing fan alle aktiviteiten dy't yn de neisoarchperioade op en om it baggerdepot hinne dien wurde moatte om in stabile en feilige situaasje te garandearjen en (mooglike) emisjes út it depot wei nei de omkriten foar te kommen. It neisoarchplan is neffens de wurkwiize fan de jildende IPO-tsjeklist, dy't yn 2022 fêststeld is, opsteld. Foar de berekening fan it doelfermogen is gebrûk makke fan RINAS ferzje 4.2. Op fersyk fan de provinsje is yndeksearring fan it priispeil tapast, dy't heger is as de yn RINAS hantearre 2% yn 't jier, sadat mear rjocht dien wurdt oan de relatyf grutte priisferhegings fan de ôfrûne jierren. It berekkene doelfermogen jout dêrmei in reële rûzing fan it foar de ivichduorjende neisoarch nedige fermogen.

Neisoarchheffing

Troch de provinsje Fryslân is al yn in earder stadium in neisoarchheffing ôfdroegen. Dy heffing wurdt beheard yn it Fûns Neisoarch Stoartplakken Fryslân. De yn it Fûns opboude foarsjenning foar Trijehûs is mear as it berekkene doelfermogen. By de einheffing sil dus in bedrach oan de provinsje Fryslân werombetelle wurde.

Konklúzje

Oan alle betingsten dy't steld binne yn artikel 8.47, tredde lid fan de Wm is foldien. Dêrneist binne der ek gjin oare omstannichheden dy't it ôfjaan fan in slutingsferklearring yn de wei steane.

Toelichting grondslagen

In dit document kunt u secties vinden die onleesbaar zijn gemaakt. Deze informatie is achterwege gelaten op basis van de Wet open overheid (Woo). De letter die hierbij is vermeld correspondeert met de bijbehorende grondslag in onderstaand overzicht.

J Art. 5.1 lid 2 sub e

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de eerbiediging van de persoonlijke levenssfeer van betrokkenen